

## Wêrom een Doarpskoöperaasje yn Grou?

Yn 2023 is de Doarpskoöperaasje Grou U.O.\* (fan no ôf ôfkoarte ta DKG) troch in tal entûsjaste Grousters oprjochte. Tegearre mei mear as 50 frijwillige (sport)ferienings en stichtingen yn Grou wurdt besocht ûndersteande foarinoar te krijen: mar wêrom eins?

De DKG wurket oan it ferbetterjen fan:

### 1. Wolfeart

Dit klinkt fansels hiel algemien mar tink hjirby oan it moai meitsjen fan ús leefomjouwing, it helpen ferbetterjen fan it ûnderwiis, it miljeu en ús feilichheid yn Grou.

### 2. Wolwêzen

Tink dêrby oan it lichamlike, geastlike en sosjale gelok fan ynwenners fan ús doarp.

### 3. Leefberens

Dêrmei bedoele wy hoe oantreklik is it doarp en omkriten om te wenjen of wurkjen.

### 4. Duorsumens

Hoe hâlde wy de minske, it miljeu en de ekonomy foar no en yn de takomst yn balâns yn ús doarp?

*\*U.O.= Utsluten fan Oanspraaklikheid. Dit betsjut dat de leden net oanspraaklik binne foar skulden fan de koöperaasje.*

Lid wurde?  
Scan de QR





## FERSKATE PROJKTEN

De DKG hat 8 tema's formulearre dêr't se enerzjy oan besteegje:

1. Wenjen en ynfrastuktuer
2. Sosjaal-maatskiplik
3. Wurk en ekonomy
4. Frije tiid en toerisme
5. Duorsumens, enerzjy, natuer, miljeu
6. Jeugd
7. Kultuer en ûnderwiis
8. Sport

De DKG wurket no oan de folgjende projekten dy ûnder te ferdiele binne yn 8 tema's:

1. Multyfunksjoneel Sintrum Grou
2. Romtlike ûntwikkelings
3. Enerzjy
4. Toerisme
5. Jeugd

Dat de DKG tige nuttich is foar de ynwenners fan Grou hat al bliken dien. Der binne al ferskate resultaten boekt wêrtroch't ús doarp moaier wurden is. Lykas:

- De DKG hat der foar soarge, tegearre mei oaren en de gemeente Ljouwert, dat der op it Halbertsma terrein in nije wenwyk y.p.f. in fakânsjepark komt.
- It ynhieren fan in doarpsmanager. Kinst de doarpsmanager opsykje mei soargen, ideeën of fragen.
- De DKG is, fia dizze doarpsmanager, it earste oansprekpunt fan en foar de gemeente Ljouwert. Sadwaande is der fluch en goed kontakt wat takomstige plannen oanbelanget, ideeën of oandachtspunten fan it doarp of direkte omjouwing.
- It belûken fan ynwenners by dizze plannen, ideeën of oandachtspunten, wêrby't rekken hâlden wurdt mei jild, de ynwenners fan Grou en de polityk.

BESITE DE WEBSITE FOAR MEAR YNFORMAASJE

[WWW.DKGRU.NL](http://WWW.DKGRU.NL)





## Hoe docht de Doarpskoöperaasje dat?

Yn it saneamde “ koöperaasjeplan ” fan de Doarpskoöperaasje wurde alle winsken en doelen fan de kommende jierren beskreaun. Ek de wize wêrop't de DKG dy doelen tinkt te berikken en hoe't der fierder wurke wurdt oan al behelle suksessen. Yn dat plan is dus krekt nei te lêzen wat der allegearre yn de planning leit, hoe't dat dien en betelle wurdt.

Ek stiet der beskreaun hoe't de DKG ûntstien is en hoe't de organisaasje fan de DKG opboud is. De organisaasje bestiet út de folgjende partijen:

- Leden
- Lederied
- Bestjoer DKG
- Doarpsmanager
- Projekten

## Nijsgjirrich wurden?

Der binne al 250 leden dy foargien. Op ús webside fynst it koöperaasjeplan. Meld dy dus oan as lid, dat is fergees, en bepaal mei wat der barre sil en help ús om mei-inoar ús doarp noch moaier te meitsjen.